



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniel, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. Se folgje Jezus op syn reizen troch Palestina en op de besites dy’t Er ofleit.

Hjoed sjocht Sara dat Jezus immen opsiket dy’t troch de minsken bûtenstelen wurdt, omdat er net earlik mei jild omgiet. Wol Jezus dan wol mei dizze man te krijen ha?

Levi wurdt roppen

Lukas 5,27-32

Seach Sara it goed? Wie dat Jezus dy’t nei it hûs fan de tolgarders stapte? Dêr wenne Levi dochs ek?

Levi wie ien fan de tolgarders dy’t minksen te folle belesting offrege. Se wiene allegearre lulk op him.

“Dy Levi is in minnenien”, hie heit ris sein. “Nimmen wol mear mei him te krijen ha.”

Soe Jezus Levi dan net min fine?

Efkes letter kamen se tegearre wer nei buten. Jezus lake freonlik nei Levi.

Sara hearde Jezus sizzen: “Levi, folgje My!”

Hie se dat wol goed ferstien? Nimmen wol mear wat mei Levi te krijen ha. En Jezus wol?

Se seach Jezus en Levi tegearre fuortgean. Soe er ek al dat jild meinimme?

“Heit, ik haw Him sjoen!” Hymjend kaam Sara oanrinnen.

“Wat bisto let”, fûtere mem. “Wer komst wei?”

“Ik haw Jezus sjoen by it hûs fan de tolgarders. Hy stie mei Levi te praten.”

“Dat bestiet net”, sei heit. “Do hast dy grif fersind. Jezus giet echt net mei in man as Levi om.”

“Dat sil Jezus nea dwaan!”, sei mem der rap oerhinne.

Sara sloech de eagen del en sei súntsjes: “En it is echt wier.”

Heit en mem seagen inoar oan. Se twivelen no dochs wol wat.

Heit sei: “Earst mar ite, dan rinne we anst wol efkes nei de poarte. As it wier is watsto seist, sille se der dêr wol mear fan ôfwitte.”

It wie drok by de stedspoarte. Guon minsken hiene feestklean oan.

“Ha jim it al heard”, sei in man, “by Levi is it jûn feest. Elkenien is wolkom.”

“In feest by Levi thús?” Sara’s heit koe it net leauwe.

Doe’t Sara en heit by it hûs fan Levi kamen, seagen se dat de man gelyk hie.

Se stapten it hûs yn en seagen net allinne tolgarders, mar ek oare minksen.

“Kom derby”, rôpen se.

Wat skruten giene Sara en heit tusken harren yn sitten. Jezus siet der ek by mei syn freonen. It wie in fleurich feest. Der waard ek iten.

Yn ’e doar stiene wat Fariseeërs. Dy wiene it der net mei iens wat hjir barde. Ien fan harren stapte op in learling fan Jezus ta en sei: “Wêrom ite en drinke jim mei tolgarders? Dat binne dochs ferrieders?”

It waard mûstil...

Nimmen doarde mear wat te sizzen.

Jezus hie wol hiel goed heard wat dy Fariseeer sei. Hy kaam derby te stean en sei: “Sûne minsken binne gjin dokter nedich. Siken wol! Tsjin minsken dy’t goed dogge, sis ik net: jim moatte in nij libben begjinne. Dat sis ik wol tsjin minsken dy’t ferkearde dingen dogge.”

Doe’t Sara en heit thúskamen, sei heit: “Ik wol leauwe dat ik it begryp. Wy hawwe dy Levi altyd de rêch takeard. Dat docht Jezus net! Hy wol der ek wêze foar minsken dy’t troch ús bûtensletten wurde.”

Sara knikte en sei: “Ik freegje mem oft Levi in kear by ús komme mei te iten.”